

Oer FOLLE en ‘WEINICH’ yn it Nijfrysk en it Midfrysk

Eric Hoekstra

Summary

This article shows that Dutch VEEL ‘many, much’, but not Frisian FOLLE, is used as the first member of compounds. This difference is related to another difference between Frisian and Dutch, that is, Frisian FOLLE is a negative polarity item, unlike Dutch VEEL. FOLLE cannot be used in affirmative sentences. Instead, a construction is employed consisting of an indefinite article and a word denoting high quantity (‘a lot’). I then go on to show that the English word MUCH is comparable to Frisian FOLLE in exhibiting negatively polar behaviour, and in being substituted in affirmative sentences by a construction again consisting of an indefinite determiner followed by a noun denoting high quantity. It is shown that the antonym of FOLLE (Dutch WEINIG) exhibits comparable behaviour: it is expressed by a construction consisting of an indefinite article and a word denoting low quantity. Historical evidence based on the Language Corpus Frisian indicates that the occurrence of WEINICH in Frisian is a loan from Dutch. The Language Corpus Frisian also makes it clear that FOLLE was already a negative polarity item in the work of Gysbert Japix (17th century), though not in the work of many of his contemporaries.

O. Ynlieding¹

Dit artikel sil sjen litte dat Hollânsk VEEL, mar net it Fryske FOLLE, brûkt wurde kin as earste lid fan gearstallingen. Dat ferskil is besibbe oan in oar, en bekend, ferskil tusken it Frysk en it Hollânsk, nammentlik, it Fryske FOLLE is in negatyf-polêr item, yn tsjinstelling ta it Hollânske VEEL: FOLLE kin net brûkt wurde yn befêstigjende sinnen. Yn sokke sinnen moat in oare konstruksje brûkt wurde, besteande út in ûnbeskaat lidwurd en in haadwurd dat in grutte kwantiteit oantsjut, lykas *in protte*. It semantysk tsjinoerstelde fan FOLLE hâldt en draacht him ek oars as syn Hollânske wjergera WEINIG, sa’t Jarich Hoekstra (2000) sjen litten hat: it wurdt útdrukt yn it Frysk troch in konstruksje besteande út in ûnbeskaat lidwurd en in haadwurd dat in lytse kwantiteit oantsjut, lykas *in bytsje* of mei help fan negaasje as *net folle*. Ik lit by einsluten sjen dat it Ingelske wurd MUCH krekt as it Fryske FOLLE in negatyf-polêr item is: it mei net yn befêstigjende sinnen foarkomme. Krekt as yn it Frysk wurdt yn befêstigjende sinnen in konstruksje brûkt besteande út in ûnbeskaat

lidwurd en in haadwurd dat in grutte kwantiteit oantsjut, A LOT. Yn 'e konklúzje besprek ik koart de ymplikaasjes fan dizze stân fan saken.

1. Data

Tamminga (1973:14-15) skriuwt oer FOLLE it neikommende:

Weromkommend op 'folle' kin noch sein wurde dat it yn alderhanne gearstallings folop libbet. In pear dêrfan binne: 'hoefolle, safolle, withoefolle, mei syn hoefollen / safollen, it tofolle'. Mar ek yn sokken as 'follerhanne, follerlei, follentiids' postuert it proastich as earste lid, al binne de lêsten yn it Ned. sûnder mis manmachtiger. Hwant komposita as 'follesizzend, folle-easkjend, follefoarmich, follesidich, follewitter' e.o. dy't yn ús skriuwtael al ris opkomme, meije as ûntliende oersettingen út ús Rykstael min to mijen wêze, folle brets út in each fan libben taelgebrûk is it net.

Yn dizze seksje sil, as nuansearring fan Tamminga syn ynskatting fan de feiten, fêststeld wurde dat gearstallingen mei FOLLE as earste lid hast hielendal ôfwêzich binne yn it Frysk. De neikommende tabel is basearre op it wurdboek *Nederlânsk- Frysk* (Visser 1985). De tabel befettet yn syn earste kolom alle gearsettingen mei VEEL as earste lid. De kolom dêrnjonken jout in Fryske wjergera mei FOLLE, as dy bestiet:

(1) Tabel: VEEL en FOLLE as lofterlid fan in gearstalling

veelal	veellettergeregig	
veelbelovend	veelomvattend	
veelbesproken	veelprater	
veelbetekenend	veelschrijver	
veelbewogen	veelschrijverij	
veelbladig	veelsnarig	
veelbloemig	veelstemmig	
veelbroederig	veeltalig	
veeldelig	veeltelig	
veeleer	veelterm	
veeleisend	veeltjids	(follentiids)
veelgeliefd	veelvlak	
veelgevraagd	veelvormig	
veelgodendom	veelvoud	
veelheid	veelvraat	
veelhoek	veelvuldig	

veelhoekig	veelweter	
veelhoevig	veelwijverij	
veelhoofdig	veelzeggend	
veeljarig	veelzijdig	
veelkleurig	veelzins	
veelkoppig	velerhande	(follerhanne)
veelledig	velerlei	(follerlei)

It wurdboek jout net mear as trije Fryske gearstallingen mei FOLLE as earste lid, deselde trije dy't Tamminga ek al joech. De Taaldatabank jout foar dy wurden de neikommende risseltaten:

(2) *Tabel: Foarkommens fan 3 FOLLE-gearsettingen yn de Taaldatabank*

	> 1980	1948-1980	1870-1948	1800-1870	1550-1800	TOTAAL
follentiids	0	1	22	13	0	36
follerlei	0	4	2	0	0	6
follerhanne	0	3	0	0	0	3

It lyts tal foarkommens wettiget de konklúzje dat Tamminga's proastige trijekaart argaysk is. De ôfwêzigens fan dizze wurden yn it Midfrysk soe men opfetsje kinne as in teken dat it gewoan lienoersettingen út it Hollânsk binne. Op basis fan dizze data kin de neikommende generalisaasje formulearre wurde:

(3) *Generalisaasje: Gjin FOLLE yn gearstallings*

It wurd FOLLE wurdt amper brûkt yn gearstallings yn it Frysk, oars as de Hollânske wjergera VEEL.

Dizze kontrastive observaasje hat yn de literatuer amper omtinken krigen. Yn it boek oer Fryske morfology fan Jarich Hoekstra (1998) wurdt der neat oer sein, mei't dat wurk him rjochtet op 'e beskriuwing fan it Frysk as suver ûnôfhinklike en selsstannige taal, wat dochs wol in idealisaasje is ferlike mei de taalkundige wurklikheid dy't optilt fan 'e Hollânske ynterferinsjes (Sjölin 1976, Breuker 1993, 2001).

Wat it Hollânsk oanbelanget, De Haas & Trommelen (1993) dogge yn har morfologysk hânboek gjin tynge fan it feit dat VEEL yn it Hollânsk him dochs frijwat systematysk yn in grut tal gearstallings oppenearret. Dêrtroch komme se oan kontrastive observaasjes fansels net iens ta.

2. Gearstallings mei FOLLE

It wurdboek *Nederlânsk-Frysk* jout mar twa gearstallings mei FOLLE, te witten, *follehanne* en *follelei*, en seit by beide dat se amper brûkt wurde (“ongebruikelijk”). De gearstalling *follehanne* wurdt net neamd yn dat wurdboek, mar komt al foar yn it wurdboek *Frysk-Nederlânsk* (Zantema 1984). De oantsjutting “ongebruikelijk” strykt mei de feiten, wat wy neikomme kinne troch dy wurden op te sykjen yn de Taaldatabank Frysk fan de Fryske Akademy. Dat is ommers dien yn de tabel yn (2) hjirboppe. Sprektaal binne de wurden net, mar yn 'e skriuwtaal kinne se inkeldris noch fûn wurde.

It WFT jout, njonken de niis besprutsen trijekaart, ek in njoggen gearstallings dy't net yn it wurdboek *Nederlânsk-Frysk* foarkomme. Ik jou se hjirûnder yn 'e earste kolom fan tabel 2. Yn 'e twadde kolom stiet it jiertal fan it (âldste) WFT-sitaat. Yn 'e tredde kolom stiet it tal foarkommens fan it wurd yn 'e Taaldatabank Frysk.

(4) Tabel: Folle-wurden yn it WFT en frekwinsje yn TDB

follefâld	1869	1
follefâldichheid	1953	0
follepraterich	1925	0
follesidich	1904	3
follesizzend	1937	3
follesoartich	1925	0
follesoartichheid	1947	0
folletalich	1917	0
follewitterij	1939	1

Dizze wurden binne nuvere kostgongers. Foarst, se binne net yn 'e hânwurdboeken *Nederlânsk-Frysk* of *Frysk-Nederlânsk* opnommen, dat se sille troch de skriuwers fan dy wurdboeken net aktueel genôch achte wêze. Dêr hinget mei gear dat de Fryske staveringsshifker se ek allegear as flaters oanwiist. Twad, it eigen taalgefoel ferset him ek tsjin dy foarmen, dy't as lienoversettingen út it Hollânsk oanfiele. Tred, it lege tal foarkommens yn de TDB kin opfette wurde as yndirekt bewiis dat dizze wurden it Frysk net hiem binne. Dat se likegoed foarkomme, kin derop wize dat se eartiids yn it Frysk net alhiel ûngewoan wiene, of dat der sprake is fan Hollânske ynterferinsje of sels fan optochte neologismen. Ik lit dy fraach hjir lykwols gewurde en konstataasje dat generalisaasje (3) stean bliuwe kin.

3. Fryske oersettingen fan Hollânske gearstallings mei VEEL

Yn dizze seksje sil ik de oersettingen nei it Frysk ta yn it hânwurdboek

Nederlânsk-Frysk neier kategorisearje. It docht nammentlik bliken dat der wol wat systeem sit yn dy oersettingen, sels al is de foarm FOLLE net beskikber foar gearsettingen yn it Frysk. De neikommende oersettersstrategyen kinne ûnderskaat wurde.²

3.1. Fergrutsjende triem fan FOLLE wurdt brûkt

De fergrutsjende triem fan *folle* is *mear*. Hoewol't *folle* net beskikber is, docht bliken dat yn in stikmannich gefallen benammen de fergrutsjende triem *mear* wol brûkt wurde kin. De tabel hjirûnder jout dy gefallen.

(5) Tabel: Hollânsk VEEL- = Frysk MEAR-

Veelbroederig	Mearbondelich	
Veeldelig	Meardielich	
Veelgodendom	Meargoaderij	
Veelhoek	Mearhoek	
Veelhoevig	Mearhoevich	
Veelhoofdich	Mearhadich	
Veelkoppig	Mearkoppich	
Veelledig	Mearliddich	
veellettergeregig	Mearwurdliddich	
Veelsnarig	Mearsnarich	
Veelstemmig	Mearstimmich	
Veeltalich	Meartalich	
Veeltelig	Mearslachtich	
Veelterm	Mearterm	
Veelvlak	Mearflak	
Veelvormig	Mearfoarmich	
Veelvoud	Mearfâld	
Veelwiverij	Mearwiverij	
Veelzijdig	Mearsidich	(yn letterlike betsjutting)

By dit type kin de betsjutting omskreaun wurde mei de fraze 'mei mear as ien X', dêr't X in haadwurd is, bygelyks: meartalich = 'mei mear as ien taal', mearsnarich = 'mei mear as ien snaar', en sa fierder.

3.2. Omskriuwendende konstruksje mei in synonym fan FOLLE

De oersettersstrategie dy't it breedst tapast wurde kin, is in omskriuwing mei in synonym fan FOLLE, lykas GANS of HIEL WAT of IN SOAD. De tabel hjirûnder jout dy gefallen sa't se yn it wurdboek steane:

(6) *Tabel: Omskriuwende konstruksje*

Veelbelovend	dat is een veelbelovend jongmens	hy ûnthjit gâns, hiel wat
veelbetekenend	dat is veelbetekenend	dat seit gâns, hiel wat
Veelbloemig		mei gâns, in soad blommen
Veeleisend	veeleisend zijn voor zijn personeel	gâns, hiel wat fan jins personeel freegje
Veelgevraagd	dat is een veelgevraagd boek	dat boek is in soad fraach nei
Veelzeggend	dat zijn veelzeggende cijfers	dy sifers sizze gâns, hiel wat
Veelzijdig	hij is erg veelzijdig	hy kin hiel wat

By dizze strategy is it Hollânske stekwurd net mei ien Frysk wurd oersetten, mar is it yn in omskriuwend sintsje te pas brocht. In detail dat opfalt, is dat *veelbloemig* net *mearblommich* wurden is. It wurdboek brûkt almeast it skriuwtalige GÂNS, mar njonken HIEL WAT en IN SOAD kinne IN PROTTE, IN BULT en soksoarte wurden of wurdkloften fansels ek hiel goed brûkt wurde.

3.3. Oare gefallen

3.3.1. Hiel oar wurd

Soms brûkt it wurdboek in hiel oar wurd as oersetting. Sa is in *veelschrijver* in *breaskriuwer* wurden, dat yn it Hollânsk ek bestiet (*broodschrijver*). Alhiel ien op ien is dy oersetting net, mei't ien dy't in protte skriuwt gjin breaskriuwer hoecht te wêzen. Yn sa'n gefal kin in omskriuwing mei GÂNS foar kar nommen wurde. Om idiomatyske redenen is *veelzijdig ontwikkeld* oerset as *breed ûntwikkele*, want in omskriuwing is dêr wat dreger. Dêr falt op dat ynstee fan *ûntwikkelje* net it kreaze boekjefryske wurd *ûntjaan* foar kar nommen is.

3.3.2. It wurd AL wurdt brûkt

VEEL is in saneamd kwantifisearjend wurd. De betsjutting derfan heart ta de logyske begripen. Hoewol net synonym, leit de betsjutting fan VEEL ticht by de betsjutting fan ALLE. Dat is fan dy gefolgen dat by twa oersettings AL of ALLES foar kar nommen wurdt om VEEL oer te setten:

(7) *Tabel: Oersetting mei AL, ALLES*

Veelweter	Alleswitter	
Veelzijdig	Alsidich	'in alsidige geast'

3.3.3. De oertreffende triem fan FOLLE wurdt brûkt

De oertreffende triem fan FOLLE is MEAST. Dy wurdt brûkt by de oersetting fan *veelal* as *almeast* of *meastal*.

3.3.4. SA WAT

Yn twa gefallen wurdt SA WAT brûkt.

(8) Tabel: Oersetting mei SA WAT

veelbetekenend	veelbetekenend lachen	sa wat glimkje
	iemand veelbetekenend aankijken	immen sawat oansjen
veelzeggend	iemand een veelzeggende blik toewerpen	immen sawat oansjen

It Frysk brûkt dêr wer in omskriuwend fraze dêr't it Hollânsk ien wurdt hat.

3.4. Foar it ûnderwiis: de haadline by it oersetten fan gearstalling mei VEEL-

Hoewol't it wurdboek dy mooglikheid net jout, is in omskriuwing (in sin of in bywurdlike bepaling) yn feite hast altyd mooglik as oersetting fan in gearstalling mei VEEL. Der binne twa typen omskriuwing:

- mei MEAR AS IEN (ûnderskate, ferskillende)
- mei HIEL WAT (gâns, in protte, in soad)

Omskriuwing mei MEAR AS IEN is mooglik by gefallen as *veelhoek*, dêr't sprake is fan 'mear as ien X', yn dit gefal *hoeken*. Fansels is dêr ek in oersetting yn de foarm fan in gearstalling mei MEAR-, lykas yn *mearhoek* mooglik. Dat type is namwurdlik, want yn it Hollânsk kin it twadde lid fan de gearstalling selsstannich brûkt wurde as in namwurd (*veel-hoek*, *veel-hoef-ig*). Omskriuwing mei HIEL WAT is mooglik by it tiidwurdlike type. Dêr is it twadde lid fan 'e gearstalling homofoan mei in tiidwurd, lykas: *veelzeggend*, *veeleisend*. Ik jou in pear foarbylden om dizze oersettersstrategies nochris te yllustrearjen:

(9) Tabel: foarbylden oersettingen

veelzeggende cijfers	sifers dy't hiel wat sizze
een veeleisende baas	baas dy't hiel wat (fan jin) freget
veelhoefigheid	it hawwen fan mear as ien hoef; mearhoevichheid
veeltalig onderwijs	meartalich ûnderwiis

4. Wêrom gjin gearstallings mei FOLLE-?

4.1. FOLLE is in negatyf-polêr item

Yn dizze seksje woe ik koart yngean op de fraach wêrom oft it Frysk amper gearsettingen mei FOLLE hat. It is frijwat bjusterbaarlik dat it Frysk, dat op alderhanne mêd troch it Hollânsk beynfloede wurdt, hjir de poat sa stiif hâldt. Ik ha der gjin spikerhurde ferklearring foar, mar ik kin wol in korrelearjende obstrewaasje dwaan oangeande it hâlden en dragen fan FOLLE. It is nammentlik sa dat der ek noch in oar ferskil tusken FOLLE en VEEL is, ôfsjoen fan har ûnlykfoarmich hâlden en dragen yn gearstallings. It Fryske FOLLE is nammentlik mear beheind yn syn mooglikheden as it Hollânske VEEL; it kin inkeld mar foarkomme yn negative konteksten (Tamminga 1973:12-15; ek Jarich Hoekstra 2000). Besjoch de neikommende sintsjes:

- | | | |
|-------|---|-----------------------------|
| (10a) | | Hij praat veel |
| (10b) | * | Hy praat folle |
| (10c) | | Hy praat in protte, in soad |

It Fryske FOLLE kin net yn in befêstigjende sin foarkomme. As wy dy betsjutting útdrukke wolle, brûke wy frazen lykas de neikommende

- IN PROTTE / IN SOAD / IN BULT, ofwol haadwurdgroepen op it mal: ÛNBESKAAT LIDWURD + HAADWURD FAN GRUTTE KWANTITEIT

As wy de sin ûntkennend meitsje, dan is FOLLE wol mooglik:

- | | | |
|-------|--|---------------------|
| (11a) | | Hij praat niet veel |
| (11b) | | Hy praat net folle |

Yn wêzen is de saak kompleks, mei't FOLLE him ek nei de wurdjes TE, SA en HOE oppenearje kin, en as bywurd yn komparative konstruksjes (*folle tûker*). Wurden dy't dit soarte gedrach fertoane hjitte ek wol negatyf-polêre items; it ûndersyk dêrnei sette út ein mei Fauconnier (1975), Ladusaw (1980) en Zwarts (1981). Negatyf-polêre items wolle graach by negaasje foarkomme, en in part fan sokke items oppenearret him ek yn komparative konstruksjes en konstruksjes mei TE. Dy konstruksjes ha beskate logyske eigenskippen mei negative konstruksjes ien en mien.³

Sadwaande ha wy no de neikommende obstrewaasjes oer FOLLE ta ús foldwaan:

- it is in negatyf polêr item
- it kin amper of net as lofterlid fan gearstallings foarkomme

Fansels leit no de hypoteze foar de hân dat it ien mei it oar relatearre is:

(12) Hipteze omtrint negatyf-polêre items:

Negatyf polêre items kinne net as lofterlid fan gearstallings foarkomme.

Dat leit eins ek wol yn 'e reden. Ien fan de skaaimerken fan negatyf-polêre items is dat se yn it berik fan sinnegaasje (of in ferlykber item) foarkomme moatte, en fan sinnegaasje kin yn gearstallings gjin sprake wêze.

5. Is FOLLE al lang negatyf-polêr? Oer it Ingelsk en it Midfrysk

5.1. Ingelsk

It Ingelsk hat yn dizzen wol wat fan it Frysk wei (sjoch bygelyks Thomson & Martinet 1977). Nim it Ingelske wurd MUCH. Krekt as it Fryske FOLLE, mar oars as yn it Hollânske VEEL, kin it net yn befêstigjende sinnen brûkt wurde:

- | | | |
|-------|---|-------------------------|
| (13a) | * | He reads much English |
| (13b) | * | Hy lêst folle Frysk |
| (13c) | | Hij leest veel Hollands |

Der moat yn befêstigjende sinnen útwykt wurde nei in konstruksje mei in ûnbeskaat lidwurd folge fan in haadwurd fan kwantiteit:

- | | |
|-------|-------------------|
| (14a) | He reads a lot |
| (14b) | Hy lêst in protte |

Yn ûntkennende sinnen binne FOLLE en MUCH wol yn oarder yn it Ingelsk en it Frysk:

- | | |
|-------|----------------------|
| (15a) | He doesn't read much |
| (15b) | Hy lêst net folle |

It is nijsgjirrich om te sjen dat it Frysk en it Ingelsk op dit punt wat gemien ha mei útsluting fan it Hollânsk. VEEL is oars net inkeld negatyf-polêr yn it Frysk, mar ek yn de oanswettende dialekten fan Grinslân en Drinte (Hoekstra 1997).

5.2. Midfrysk

Doch kin it negatyf-polêr wêzen fan it betsjuttingselemint FOLLE gjin âlde oerienkomst wêze tusken Frysk en Ingelsk. It is nammentlik sa dat FOLLE noch net sa lang negatyf-polêr is yn it Frysk. Yn it Midfrysk koe FOLLE wol hiel goed yn befêstigjende sinnen foarkomme:

- (16a) Dy brocht my ijn in Sæl / dir sægh ick folle nijs
(Wouter en Tsjalle 1639c)
- (16b) It goed kostetet ien folle jild in dat falt ien Minsche
wtte Eers neat
(Waatze Gribberts BRUYLOFT., 1701c22)

Oan de oare kant is it wol hiel fertocht dat ditsoarte fan foarbylden net by Gysbert Japix te finen binne. By Gysbert fynt men inkeld FOLLE yn syn gebrûk as negatyf polêr item. En dan noch fynt men FOLLE by Gysbert net by negaasje, mar inkeld by TE, SA en by komparativen.⁴ Hjirûnder steane dy trije gefallen yllustrearre:

(17a) Komparativen

Wy beschuldigje her fen al de pynne dy wy yn 't eine fen uws libben lye ; In oon-merckje naet ienskes het wy al *folle meer* smert in siochten lit hadde , in dat buwtte stearren : *hoe folle hetsiger in swier*er pynnen wy in dit libben field hadde

(In sûnerlinge ferhanlinge fan it Libben en fan 'e Dea 71910855ff)

(17b) SA

(doe) ... besleatene dy Samiensers meye wâpenen to bekommen, datse meye free naet krye koene, in 't hele lân, so folle dwaenlyck wier, to fordylgjen

(Histoarje fan Dorilis en Cleonice 71890344)

(17c) TE

Want æft 'er dy gaest wol nei reck-halzjet , soo sil it lichim , (dear mei de gaest befinzen iz) him jiette naet den to folle ney<->'e ierde tjean

(In sûnerlinge ferhanlinge fan it Libben en fan 'e Dea 71911107)

De taaldata binne ûngelyk. By in auteur as Gysbert Japix is FOLLE in negatyf-polêr item en wurdt it sels yn noch minder konteksten brûkt as yn it Nijfrysk. By oare auteurs, lykas Van Hichtum, is FOLLE net negatyf-polêr en kin it gewoan yn befêstigjende sinnen brûkt wurde. Betink fierder dat der yn it Midfrysk gjin taalnoarm wie, lykas der yn ús dagen al is (Hoekstra 2003). It is goed mooglik dat yn it skreaune Frysk fan dy dagen in protte ynterferinsje fan it Hollânsk wie, mar it is ek mooglik dat it Frysk sels op dat punt oan it feroarjen wie.

6. WEINIG

It tsjinoerstelde fan VEEL is WEINIG. No ha wy sjoen dat FOLLE him oars hâldt en draacht as VEEL. Itselde jildt foar it antonym WEINIG. Besjoch de neikommende sinnen út it *Nederlânsk-Frysk* wurdboek:

- (18) Er waren maar weinig mensen
(19a) Der wiene net folle lju
(19b) Der wiene mar in pear lju
(20) Hij weet er weinig van
(21a) Hy wit der net folle fan
(21b) Hy wit de mar in bytsje fan

Neffens de wurdboeken bestiet der sels gjin Frysk wurd WEINICH. Dat jildt dan foaral foar it Geef Frysk, want op it Frysktalige ynternet en yn it Korpus Sprutsen Frysk (KSF) fine wy al foarbylden fan dat wurd:

- (22a) Bin ik te ambitieus, of hat de gearstaller fan it trajekt te weinich fertrouwen?
(<http://douwegerlof.web-log.nl/dgswrld/2007/06/index.html>)
(22b) Wy wolle ek sa sa mei sa weinich mooglik jild wat dwaan
(KSF)

It wurd WEINICH bestiet yn de sprektaal, mar net yn it Geef Frysk. Yn de Taaldatabank Frysk binne der amper foarbylden fan te finen.

By it oersetten fan WEINICH wurdt almeast ien fan de neikommende twa opsjes brûkt:

- NET FOLLE, ûntkenning fan it tsjinoerstelde
- (MAR) IN PEAR / IN BYTSJE, in haadwurdkloft op it mal: ÛNBESKAAT LIDWURD + HAADWURD FAN LYTSE KWANTITEIT

Foar de bysûndere semantyk fan IN BYTSJE, sjoch Jarich Hoekstra (2000). Wy sjogge dat it syntaktysk mal dat brûkt is foar de betsjutting FOLLE yn befêstigjende sinnen itselde is as it mal dat brûkt is foar de betsjutting WEINIG: yn beide gefallen kin der útwykt wurde nei in haadwurdkloft besteande út in ûnbeskaat lidwurd folge fan in haadwurd fan kwantiteit.

It Midfrysk lit eins itselde byld sjen. Der binne al foarkommens fan WEINICH, mar net sa folle. Hjirûnder steane twa foarbylden:

- (23a) mar Riemke wist 'er weinig van
(Bart'le Hendriks Idzerda, Hett' Boere Frijske rijggels, 1778s)
(23b) En stiet ien Boer fin 't Burkjen weinig noed,
Dan giet de Burkerij mar zelden goed
(F.H. van der Ploeg, De burkerij of it boere bedrief, 1774a)

It falt fierder op dat der mar ien foarbyld fan WEINICH út 'e 17e ieu is: noch Gysbert Japicx noch syn tiidgenoaten brûkten it. It foarkommen fan WEINICH yn de 18e ieu moat dêrom wol ûnder ynfloed fan it Hollânsk bard wêze. It feit dat FOLLE by Japicx negatyf-polêr is, soe derop wize kinne dat FOLLE al folle langer negatyf-polêr is. De net negatyf-polêre foarkommens fan FOLLE yn de 18e en 19e ieu kinne dan as gefallen fan ynfloed fan it Hollânsk besjoen wurde.

7. *Beslút*

FOLLE is in negatyf polêr item yn it Frysk, oars as yn it Hollânsk. Dêr hinget mei gear dat FOLLE him net yn gearstallingen oppenearret. Oersettingen fan Hollânske gearstallingen mei FOLLE moatte in oare strategy foar kar nimme: in omskriuwing mei GÂNS, IN PROTTE, en soksoarte wurdkloften, of in gearstalling mei MEAR. Histoarysk besjoen liket FOLLE yn earste opslach pas sûnt de 19e ieu negatyf polêr te wêzen, mar by neier besjen kin men folhâlde dat FOLLE al earder negatyf polêr is, yn alle gefallen by Gysbert Japicx, dus yn 'e 17e ieu.

Net inkeld mei FOLLE is der wat te rêden yn it Frysk, mar ek mei it antonym WEINICH. Dat bestiet yn feite net yn it Frysk, alteast net yn it Midfrysk of it Nijfrysk, behalven fansels as lienwurd út it Hollânsk. Yn de sprektaal wurdt it al brûkt. Troch de Taaldatabank krije wy net inkeld ynsjoch yn hoe't sokke wurden brûkt wurde, en hoe't se har yn de ôfrûne ieuwen ûntjûn ha. Eins blykt der al ieuwenlang ynterferinsje út it Hollânsk wei te wêzen, mar dy ynterferinsje set net troch. It Geef Fryske gebrûk bliuwt ieuwenlang bestean njonken de ynterferinsjefoarmen. Dat jout eins ek wol wer moed foar de takomst fan it Frysk.

Noaten

1. Foar kommentaar of diskusje sis ik de neikommende persoanen tank: Siebren Dyk, Bouke Slofstra en Willem Visser.
2. Ik sprek op dit punt fan in oersettersstrategy, omdat men in strategy fine moat om in mooglikheid dy't it Hollânsk hat en it Frysk net (nammentlik: gearstallingen mei FOLLE of VEEL), yn it Frysk oarsearne werom te finen.
3. Sinnen of wurdkloften dêr't in negatyf polêr item yn foarkomme kin, wurde monotoan delgeand neamd. De wierheid fan sokke sinnen of wurdkloften bliuwt bewarre ûnder dielsamlingen.
 - (i) Jan dreamt net => Jan dreamt net ûnrêstich
Unrêstich dreame is in dielsamling fan *dreame*, en de wierheid bliuwt bewarre. Itselde is it gefal yn komparative konstruksjes en ûnder TE:
 - (ii) Te rij mei lytsjild => Te rij mei kwartsjes
 - (iii) Tûker as wy tocht of sein ha => Tûker as wy sein ha

Kwartsjes is in dielsamling fan lytsjild, en de wierheid bliuwt bewarre. Lykas is *sein* in dielsamling fan *tocht of sein* is, en de wierheid bliuwt wer bewarre. Yn befêstigjende sinnen is dat net it gefal:

(iv) Jan dreamt \neq => Jan dreamt ûnrêstich

(v) Der is lytsjild \neq => Der binne kwartsjes

(vi) Wy ha it tocht of sein \neq => Wy ha it sein

4. De Taaldatabank makket in ûnderskie tusken FOLLE as adverbium en FOLLE as numerale. Gysbert Japicx brûkt FOLLE inkeld as adverbium.

Bibliografy

Breuker, P. (1993) *Noarmaspekten fan it hjoeddeiske Frysk*. Dissertaasje, Universiteit Grins (RUG).

Breuker, P. (2001) "The development of Standard West Frisian". In H. Munske et al. (eds) *Handbook of Frisian Studies*, 711–721.

Fauconnier, Gilles (1975) "Pragmatic scales and logical structure". *Linguistic Inquiry* 6, 353–375

Haas, W. de & M. Trommelen (1993) *Morfologysch Handboek van het Nederlands. Een overzicht van de woordvorming*. SDU Uitgeverij, 's Gravenhage.

Hoekstra, E. (1997) Veel of een bult. Veel als negatiefpolair item in het Noordoosten. *Driemaandelijks Bladen* 48, 159–165.

Hoekstra, E. (2003) "Frisian. Standardization in progress of a language in decay." Wim Vandenbussche en Anne Deumert (ed) *The standardization of the Germanic Languages*.

Benjamins, Amsterdam (2003), 195–211.

Hoekstra, J. (1998) *Fryske Wurdfoarming*. Fryske Akademy, Ljouwert.

Hoekstra, J. (2000) The West Frisian quantifier system and the "mass only" puzzle. In H. de Hoop and T. van der Wouden (eds) *Linguistics in the Netherlands*. John Benjamins, Amsterdam, 119–131.

Ladusaw, W. (1980) *Polarity Sensitivity as Inherent Scope Relations*. Indiana University Linguistics Club, Bloomington.

Munske, H. (ed. 2001) *Handbook of Frisian Studies*. In collaboration with N. Århammar, V. Faltings, J. Hoekstra, O. Vries, A. Walker and O. Wilts. Max Niemeyer, Tübingen.

Sjölin, B. (1976) "Min Frysk". Een onderzoek naar het ontstaan van transfer en "code-switching" in het gesproken Fries. *Bijdragen en mededelingen der dialectencommissie van de Koninklijke Nederlandse Academie van Wetenschappen te Amsterdam* 50. Noord-Hollandse Uitgevers Maatschappij, Amsterdam.

Tamminga, Douwe A. (1973) "Folle net genôch". *Op 'e taelhelling II*. Osinga, Boalsert, 12–15.

Thomson, A.J. & A.V. Martinet (1977) *A practical English Grammar*. Second edition. Oxford University Press, Oxford.

Visser, W. (1985) *Frysk Wurdboek. Nederlânsk-Frysk*. A.J. Osinga, Drachten / Ljouwert.

WFT. Veen, K. van der, R. de Boer, S. Dijk, S. Krol, F. van der Kuip en J. van der Weg-Laverman. (1989) *Wurdboek fan de Fryske taal* 6. Fryske Akademy, Ljouwert.

Zantema, J.W. (1984) *Frysk Wurdboek. Frysk-Nederlânsk*. A.J. Osinga, Drachten / Ljouwert.
Zwarts, F. (1981) Negatief polaire uitdrukkingen. *Glott: Tijdschrift Voor Taalwetenschap*, vol. 4 (1), 35-132.

